

Op 'e merke is fan alles mooglik

'It wie merke en der wie fan alles mooglik.' Dat is de kearnrigel fan de spylfilm 'Merke blues'. Wergeasters hawwe der twa jier mei dwaande west

FEDDE DIJKSTRA

De sucht fan ferromming is hast te hearren yn Wergea. It sit derop. Nei in rige iepenloftspullen woene guon minsken woiris wat oars. In spylfilm meitsje, dat wie seker wat oars. „It wie bysûnder yntensyf“, seit regisseur Jan Tijmsma. „En dat is in understatement.“ Soe er it oaren oanriede, in filmproduksje? „Altyd dwaan! Mar it kostet in soad tiid, stress, jild – en noch mear tiid.“

Tijmsma hat jierren anekkes west mei it iepenloftspul yn Wergea, benammen as muzikaal lieder. „Mei Johan Bamboe bin ik der yn 1989 mei begûn. Hiest doe Iorwert, Me-naam en Burgum, dat wiene de grutte trije. Wy ha ús foaral ûnder-skieden troch de popmuzyk frij prominint yn te setten.“ „Buor-kjende bisten“ wie it earste stik, letter folgen ûnder oare 'Twaspjalt', 'Blues Brothers' en 'Lucky Manulo'.

Al spile Wergea net alle jierren, foar Tijmsma en oaren wie it op in stuit dochs sa'n bytse útwerke. „Dan tinkst: wat soene je yn sa'n doarp ek ta stân bringe kinne? Toa-

niel docht it hjir frij goed. Dan komst op soks as in film. Mar is it wol in frjemde stap, om mei in doarp in film te meitsjen. Wy ha der al mei al sa'n twa jier fulltime mei dwaande west.“

Begelieding

Foar begelieding en advys waard in berop dien op betûfte lju: filmer Piter Verhoeff en Froukje van Houten foar it spyljen, Arjen van der Grijn foar de grime, Gerrit Hager foar it opnimmen fan de live-muzyk. Gerko Ionger wurke mei as kameraman, Frans Slaterus as produsint.

Tijmsma naam it senario en de regy foar syn rekken. It is in feel-goodmovie wurden fan omtrint in oere. In leafdesferhaal dat him ôfspilet tsjin de eftergrûn fan in doarpsmerke. Ronnie hat acht jier yn it bûtenlân west en komt werom yn it âlde doarp. Hy krijt wat mei Milja (spile troch Regina Veenstra), dy't earder in relaasje hân hat mei syn broer, dy't yndertiid fer-ûngelokke is.

Jan van Drooge spilet Ronnie. In haadrol, en dat sûnder toanielûnderfining. „Ik soe eins lokaasjema-nager wurde. Mar se hiene noch



'De haadstrijte fan Tsjom docht it hiel moai, mei dy ymposante toer'

gjin haadrolspiler.“ „Je sykje in bepaald type. In bytse in stoer figuer. In knappe jonge“, ljochtet Tijmsma ta (om der laitsjend oan ta te heakjen: „Dat is dan net slagge.“)

It filmdebut wie wennen. „De earste kear dat ik foar de kamera soe, makken se in 'close-je'. Ik siet oan de bar, mei dat ding sâ ticht op myn holle“, seit Van Drooge, dy't in hân op fiif sintimeter fan syn wang hâldt. „En dan sizze se: 'Jan, dy kamera is der net, hear!'“

Litsum

'Merke blues' spilet yn it optochte doarp Litsum. Der is net allinne

filmje yn Wergea, mar ek yn Tsjom, Baard, Penjum, Nij Beets en Warten. „De haadstrijte fan Tsjom docht it hiel moai, mei dy ymposante toer“, fynt Tijmsma. De haadrolspiler rint op in stuit yn Tsjom nei it kafee, mar de binnensêne dy't derop folget is opnommen yn Wergea, yn kafee 's Lands Welvaren.

Boppeseal Movies, hjit de club dy't de film 'Merke blues' útbringt. „Wy wolle der de provinsje mei yn“, seit Tijmsma. „Nei de doarpen, en lytse filmsealen en de teaterkes. Dan is 'boppeseal' in hiel moai wurd.“ It is tagelyk in knypeach

Wergeaster spylfilm 'Merke blues' yn premiêre

nei de ferneamde boppeseal fan 's Lands Welvaren. „It is yn Wergea wol in begryp, de boppeseal. In belangryk plak, dêr bart fan alles“, seit haadrolspiler Van Drooge.

De opnameperiode wie it dreechste part fan it hiele projekt. „Wy ha it gros fan de sênes yn seis wike draaid. De measte minsken ha in baan, dat it moast hast alle-gear yn de wykeinen. Op 13 maaie 2011 binne wy úteinset. Oant 13 maaie wie it moai waar. Doe begun it mis te gean.“

It stik spilet yn de simmer, mar simmerwaar wie der net. „Dochs sjochst dat der net oan. Wy ha tus-

ken de buien troch filme“, seit Tijmsma. „En stiest der fersteld fan wat se mei trukaazje kinne“, follet Van Drooge oan. „In filterke derfoar en hupsakee.“ Mar hy stie wol mei wiet waar yn in T-shirtsje en in koarte broek. „Wat haw ik siik west...“

Figuranten

De merkesênes binne opnommen yn Warten. Der waard op it kuorbalfjild in merke opboud mei in sweef, in sjittinte, in griper, in oal-jekeediske en in Sla-Jut. It ronseljen fan figuranten wie net altyd like maklik. „Sjoch mar ris hûndert

'Stiest der fersteld fan wat se mei trukaazje kinne'

man yn it kafee te krijen, op sneontemoarn om njoggen oere.“

Ek de sfear fan merkemoandei yn de feestintee – de matinee is in begryp yn Wergea en oare plakken – moast foar de film kreëard wurde. „It is net aardich om de minsken nei de feestintee te lokjen mei bier en se dan alkoholfrij bier foar te setten. Dat wy ha wol echt bier skonken. Dan krijst ek de echte sfear.“ Akteurs moasten wer spylje dat se wat oansketten wiene. „Dy moast dan faak wat ôfremje, it is al gau tefolle.“

It skeelde dat der in moai stimingsorkest oprotommele wie. „Alice & The Melody's, dy fûnen wy yn Grins. Dy setten presis it sfearke del dat wy sochten. In stel sechstigers, akkoardestje derby... Allinne rôp de sjonger tusken in pear nûmers: 'Dank u wel dat we bij deze filmopnamen aanwezig mogen zijn...'“ Fierders dogge der trije foar de gelegenheid gearstalde bands fan Wergeaster muzikanten mei.

Mei in sêne op in terraske binne de opnames ôfsluten. „Dêr wiene mar in pear minsken by. Doe wie it klear, doe folge de montaaazje.“ It fielt hiel oars as by in iepenloftspul, hat Tijmsma fermommen. „Dan bist wend om mei santich, tachtich minsken tagelyk ôf te sluten. By toaniel pykt elkienien tagelyk, mar by in film hat elk syn eigen pykmoninten.“

De meiwurkers treffe inoar jûn wer by de premiêre. Moarn en oare moarn kin it publyk de film sjen. „Dan begjint foar ús it twadde gedeelte. Wy binne benijd hoe't er ûntfongen wurdt. Spannend.“

www.merkeblues.nl

It fielt hiel oars as by in iepenloftspul



De merkesênes binne opnommen yn Warten.



Regina Veenstra as Milja yn 'e sweef.



Regina Veenstra en Jan van Drooge as Ronnie en Milja.